


nûmer

maart 2004 75^{ste} jiergong

tydskrift foar Fryske stúdzje

de pompeblêden



Yn hast alle gemeenten tenei
Fryske wetternammen
Lêsbegryp, nocht oan lêzen en
de Fryske taalnoarm

Untjouwing fan de taalstruktuer fan it
Frysk by Frysktalige bern

Direkteur Koen Eekma:

‘Underwiis is it wichtichste domein’

Besprek fan û.o.: Rûpke Noaitgenôch, Tûzenpoatsjes en

oare ûnderwerpen De ûnmooglike reis fan de Santa Maria

Column fan Pier Bergsma



Ynhâld

foarmen opsmite. De *Meersloot* moat yn it iene gefal *Mearsleat* wêze, yn it oare *Marsleat*. De *Scheensloot* waard *Skeansleat* en net *Skinesleat*. Fierders is it in misbegryp om te leauwen dat der in folslein selsstannige mûnlinge tradysje fan Frysktalige wetternammen bestean soe, dêr't op te seil gien wurde koe. Al sûnt it ynfieren fan it Nederlânsk as skriuwtal hawwe ferhollânske wetternammen ynfloed útoefene op harren Fryske wjergaders. In moai foarbyld foarmje de Fryske wurden *far* en *feart*. It Aldfrysk hie *ferelfare*. Dat waard yn it Nederlânsk mei *vaart* oerset. Dat Nederlânske *vaart* is wer de boarne fan ús *feart*, dat yn it Frysk langer rûnom brûkt wurdt. Yn inkelde gefallen as *Hegermer Far* en *It Far* by Koudum is it oarspronklike Fryske wurd bewarre bleaun. Mar der binne party nammen op *feart*

It mânske neislachwurk *Waternamen in Friesland is ien fan de wichtichste boarnen fan wetternammen yn Fryslân sa't dy yn de rin fan de skiednis oerlevere binne.*

Karel F. Gildemacher

Waternamen in Friesland

dêr't in âlde Frysktalige oerlevering mei *far* nêst stiet. In foarbyld is de *Snitser Aldfeart*, dy't yn it Benifisjaalboek út 1543 as *Olde Feer* neamd stiet. Nettsjinsteande dy Aldfryske oerlevering haw ik net keazen foar *Aldfar* of soksawat. De namme mei *feart* is gewoan hanthavene.

Boarnen

Soms binne wetternammen oerlevere yn Aldfryske oarkonden. Yn dat gefal hawwe wy mei in 'ûnbedoarne' Fryske foarm te krijen, mar wol al mear as 500 jier âld. Yn de âldste 16de- en 17de-ieske boarnen (Benifisjaalboeken, Floreenkohieren) steane nochal wat nammen yn in Fryske foarm, mar dan is it Nederlânsk al de gongbere skriuwtal en moatte de foarmen

duz hoeden besjoen wurde. Dêrnei wurdt it Nederlânsk aloan sterker, bgl. op de kaarten fan Schotanus/Hallema (1718) en Eekhoff (1859). Yn de 19de ieu begjinne de Frysktalige boarnen te kommen mei Winkler en dat set benammen yn de 20ste ieu troch mei de nammestúdzjes fan mannen as Kalma en Beetstra. Allinnich moatte jo by harren krekt wer oppasse foar buroferfryskings: alles waard kriteklyk yn it Frysk oerset en dat koe rare flaters opsmite. Sa is in kear sprake fan *Sjittersrak* foar *Schiettersrak*, dêr't eins *Skiettersrak* bedoeld is. Mar de fjildnamme-samling fan Spahr van der Hoek, dy't op de Fryske Akademy leit, wie krekt tige betrouber, sa die bliken. Myn ûndersyk nei de nammen hie net mooglik west sûnder it mânske wurk fan Karel Gildemacher, *Waternamen in Friesland*, dêr't al dy histoaryske nammen yn gearswile binne yn in hânsom oersjoch.

Stavering

In oar punt is dat fan de stavering. Oer de stavering fan nammen bestiet in soad betizing. *Wûnzeradiel* of *Wûnseradiel*, *Idaard* of *Idaerd*. It fêst of los skriuwen is ek altyd lestich: is it no *Mantgumer Feart* of *Mantgumerfeart*, *Dokkumer Ie* of *Dokkumerie*? Der binne regels opsteld, dy't faaks hjir en dêr wat in ûnferwachts byld opsmite, mar taalkundich wol folle konsistinter binne as wat oant no ta, ek yn it Nederlânsk, wizânsje wie. De topografyske kaart jout *Dokkumer Ee* en *Mantgumervaart*. Yn it Frysk wurde dy nammen no as *Dokkumer Ie* en *Mantgumer Feart* skreaun, likegoed as dat jo *Ljouwerter binnenstêd* skriuwe en net *Ljouwerterbinnenstêd*. De nammejouwingskommisje fan de Fryske Akademy hat de staveringregeling yn haadsaak oernommen en noch wat kreker beskreaun en sil dy as losse publikaasje ferskine litte.

It úteinlike advys oan de provinsje befettet in list fan wetternammen dy't yn alle gefallen taalkundich goed Frysk binne, konsekwint stavere en harren woartels hawwe yn de mûnlinge en skriftlike tradysje.

- 2 Arjen Versloot
Fryske wetternammen. In bestjoerlik proses en nammekundige tûkelteammen
- 4 Bernadet de Jager
Lêsbegryp, nocht oan lêzen en de Fryske taalnoarm
- 7 Nynke van den Bergh
Undersyk nei de 'normale' ûntjouwing fan de taalstruktuer fan it Frysk. Op wei nei in Fryske taaltest foar Frysktalige bern
- 9 Column
- 10 Boekbesprek
- 13 Underweis of krekt ferskynd
- 14 Jan Jongsma
Direkteur Koen Eekma: "Underwiis is it wichtichste domein." *Afûk-belliedsplan 2004-2008 is ambisjeus*
- 16 Afûk-nijs
- 17 Mei de taal te set
- 18 Koart nijs / Afûk-nijs

De Pompeblêden
Tydskrift foar Fryske stúdzje.
Utjefte: Stifting Afûk
Redaksje: Jeh. Ytsma, G. Bies, D. Kootstra, L. Bonnema, G.H. Jelsma (einredaksje)
Fêste meiwurkers: R. de Haan, J. Jongsma, J. Weening
Adres fan redaksje en administraasje:
Afûk, Celsiuswei 37, Postbus 53,
8900 AB Ljouwert, Tel.: (058) 234 30 70,
Faks: (058) 215 94 75,
E-post: pompebladen@afuk.nl
Ynternet: www.afuk.nl
De Pompeblêden wurdt op syn minst fjouwer kear jiers tastjoerd oan de stipers fan de Afûk. Stiper kin elkenien wurde troch € 13,60 oer te meitsjen op girorekken 1428504 fan de Afûk te Ljouwert.
Losse nûmers: € 3,00.
© 2004 Afûk
ISSN 0032-4205